

## JIERFERSLACH KRÚSPUNT 2015 - 2016

**Bestjoer:** Gearstalling en roaster fan ôfgean (*4 jier is de termyn en men kin ien kear werbeneamd wurde*)

2018	Sipke Huismans, foarsitter	út: It Kertettekoar
2016	Warner Veltman, skriuwer	út: Ferbân fan Fryske Foargongers (FFF2018)
2018	Piet Miedema, ponghâlder	út: it âlde Kristlik Frysk Selskip
2016	Toos Reichman	út: Beriedsgroep Earetsjinst en Tsjerkemusyk
2017	Geart van der Heide	út: Yntertsjerklike Kommissje foar de Earetsjinst
2017	Jan J. Poutsma	út: Deputaatskip Fryske Earetsjinsten (Frijmakke Tsjerken)
2019	Johannes Bakker	út: de Kristlik Fryske Folksbibliteek
	Liuwe Westra, nijsjager	

Der hawwe yn it ôfrûne jier 6 **bestjoersgearkomsten** west op ús fêste adres ‘De Fikarij’ yn Wurdum: 26 april, 28 maaie, 1 oktober, 26 novimber, 14 jannewaris en 17 maart.

**Jiergearkomste 21 maart 2015** yn ‘De Lantearne’ en de Terpstsjerke yn Akkrum (Sjoch ferslach)

Webstee Piet Miedema is neist syn funksje as ponghâlder ek de behearder fan de webside fan Krúspunt. Hy set geregeldwei nije berjochten en ynformaasje op it koartlyn ek fernijde webstee: [www.kruspunt.frl](http://www.kruspunt.frl)  
Liuwe Westra is hjirby - neist syn oare kwaliteiten - fan grutte betsjutting as de nijsjager foar Krúspunt.

### Wurksumheden

1. Op Pinkstersnein fan 2015 - 't 100 jier nei't de earste Fryske preek yn 1915 yn Tsjom troch dû. Wumkes útsprutsen waard - hawwe in soad tsjerken en parochy's yn Fryslân meiwurke en meidien oan it plan fan Krúspunt om in Fryske snein te realisearjen op 24 maaie 2015. Yn datselde ramt hat der yn in fespertsjinst op dy snein yn de Johannestsjerke fan Tsjom de presintaasje west fan it boekje ‘Pioniers sûnder folgers’ troch Liuwe Westra, Koen Zondag en Abe de Vries oer it Frysk yn Tsjerke nei mear as 100 jier.

2. De kursus ‘**Leauwe yn Fryslân**’ oer it typysk eigene fan Fryske teology is fan 'e grûn kaam en jûn troch Alex Riemersma (NHL) Liuwe Westra, Hinne Wagenaar en Tytsje Hibma. Der hawwe 12 foargongers en tsjerklik wurkers oan meidien, dy't fjouwer dagen byinoar kamen yn en om it Nijkleaster te Jorwert.

3. Krúspunt hat de **Fedde Schurerlêzing** fan 14 novimber yn Tresoar te Ljouwert fersoarge yn de persoan fan Liuwe Westra. Hy hâlde in nijsgjirrige ferhaal oer de skiednis fan it Frysk yn en om de tsjerken fan Fryslân.

4. Krúspunt hat de útjefte fan it boek fan Hinne Wagenaar: ‘**OP US EIGEN WIZE**’ stipe mei € 1000,-. De presintaasje hjirfan hat plak fûn op woansdei 2 desimber 2015 yn de Radboudtsjerke fan Jorwert.

5. De **Bernard Smildepriis** 2016 fan € 250 wurdt dit jier útloofd oan de makker fan it moaiste liet oer de tema's fan ‘ôfskie-fertriet-rou’. De útrikking sil plak fine op de jiergearkomste fan 16 april yn Akkrum.

### Takomstplannen

1. Dêre binne plannen om te kommen mei in eigen Frysktalige Tsjerkebondel, gearstald en útjûn troch Krúspunt. Dit soe yn 2018 syn beslach krije moatte, mar hjir sitte wol in soad tûkelteammen oan.

2. Yn 2017 is it 500 jier lyn dat de Reformaasje plakhân hat yn Wittenberg. Krúspunt wol besykje oandacht te jaan oan wat der yn Fryslân bard is yn dy perioade op it tsjerklik mêd.

### Dielnimmende organisaasjes

Op dit stuit binne der 34 dielnimmende organisaasjes oansluten by Krúspunt. Op de webside wurde se allegearre yn alfabetyske folchoarder neamd. Ek kin der trochlinkt wurde om nei te lêzen watfoar doel de organisaasje neistribbet ensfh..

Warner Veltman, skriuwer